

Tekst: Bente Ballast (Katholieke Pabo Zwolle)
Oersetter: Jaap Hijma (Wethâlder Gemeente Ferwerderadiel)
Einredakteur: Janny Bottema

Ien pit

“Okee, wa ’t it fierst komt. Ien, twa.....trije!”

Twa pitten fleane troch de loft. Se falle del yn it hege gers, mar kinst net goed sjen hokker pit no de grutste ôfstân ôflein hat. Milan syn heit hellet in nije kers út ’e bûse. Milan stoppet gau twa kersen yn ’e mûle.

“Ien, twa, trije!” Pffft!! “Oh, do spilest falsk! Twa pitten yn ien kear!” Milan syn heit pakt de pûde mei kersen en troppet safolle mooglik kersen yn ’e mûle. Dat hie Milan fansels ek al betocht en de pitten fleane no alle kanten út. Dan rjochtet Milan op syn heit. Pffft. Rekke!! No sjitte de pitten ek de kant fan Milan út. Mei acht kersen yn ’e mûle fljocht hy de seedyk op, mei syn heit deun achter him oan. De pitten sitte him foar yn ’e mûle. Milan moat ferskriklik laitsje en de pitten falle foar syn fuotten yn it gers.

In freeslike klap en dêrnei begjint alles te triljen. Krekt as rydt der in frachtwein by it hûs lâns. Mar dan hiel ûnferwacht en folle hurder. Sarita dûkt op ’e grûn. “De doarpost, de doarpost, ûnder de doarpost.” Ferskriklike herje, it plafond stoart yn. “By in ierdbeving, ûnder de doarpost.” Alles falt, alles stoart yn. “BY IN IERDBEVING UNDER DE DOARPOST.” En dan is it ynienen stil. Stil en tsjuster. De loft sit fol mei stof en yn ’e mûle fielt Sarita sân. Se kin mar kwalik sykhelje. Mei har hân triuwt se de stiennen by har mûle wei, mar by it bewegen fielt se pine. In stekkende pine oan har rjochterfoet.

Milan sjocht nei de see ûnderoan de seedyk. It is leech wetter, sa leech dat er him ôffreget wêrom’t de seedyk eins sa heech is. “Witsto wol dat it wetter sa heech stien hat as wy no sitte?” Sûnt wannear kin heit gedachten lêze? “Echt boppe oan de krún fan de seedyk ta. Asto ien pit yn ’e see spuid hiest, hiene wy in oerstreaming hân.” “Nee,” seit Milan. “Ien pit?” Hy sjocht heit oan. Laket er no of is er serieuus? “Ien pit mear of minder makket dochs net út?”

“Se sykje om my.” Sarita praat lûdop mar har stim is sa swak dat se harsels net iens heart. Har mûle is sa droech as hop. Se moat har eigen stim hearre, oars is it krekt oft se der net is. Oft se net bestiet. Hoelang leit se hjir al? In dei? Twa dagen? Of noch langer? It is roettsjuster en se sjocht gjin hân foar eagen, mar se heart wol wat. It klinkt noch fier fuort, mar it wie in lûd. Sarita klaut mei har hân oer in stiennen muorre. As roppen en razen net helpt, miskien hearre se dit lûd dan? Der ferskowe in pear stiennen en de stimmen lykje tichterby te kommen. Trochwrotte en leven meitsje. Dan fielt se wat sachts.....

Google of You Tube? Milan siket. Wêrom seit heit altyd fan dy dingen dêr't je oer neitinke moatte? “Ien pit kin it ferskil meitsje.” Dan dochs mar You Tube. Gekke filmkes, mar net oer pitten, of dochs wol? “Pit rêdt libben.”

Sarita wit net mear oft se wekker is of sliept. Se wit net oft de mango har toarst fuortnimt of dat de smaak fan de mango har hope jout. Doe't se de frucht oeren lyn yn har mûle stuts, like it as krige se wat mei beferzen fingers beet. Op har tonge fielde se neat en yn har mûle preau se ek neat. Krekt by de twadde kear koe se hiel foarsichtich slokke. “Net alles tagelyk opite, hieltyd eefkes wachtsje mei it folgjende stikje”.

Sarita twingt harsels om net de hiele frucht yn ien kear op te iten. De stimmen boppe har holle komme tichterby mar it iennige dêr't Sarita oan tinke kin is oan de mango dy't se yn har hân hat. Foarsichtich ite en net te hurd. It kin noch oeren duorje.....

“Heit! Hei—eit! Sjoch no ris.” De fideo spilet al en Milans heit sjocht nei it skerm. “Is dat net de ierdbeving yn Nepal fan twa jier lyn?” In grutte flakte mei pún dêr't minsken mei skeppen omrinne. In ferslachjouwer komt yn byld. “Trije dagen nei de ierdbeving yn Nepal is der in oerlibjende fûn! Juster hearden de rêdingswurkers in lûd en nei 15 oeren graven koene sy in famke fan 10 jier ûnder it pún wei helje. It famke wie swier ferwûne rekke oan har foet. Har heit en mem hawwe it net oerlibbe. De helptroepen tinke dat sy it oerlibbe hat om't sy in mango by har hie. It famke wie hielendal út 'e liken doe 't se ûnder it pún wei kaam, mar se hold de mangopit stiif fêst yn har hân.”

“This is our kitchen garden.” Sarita moat wenne oan dy frjemde letters op it Ingelske toetseboerd fan har kompjûter en fansels ek oan it skriuwen fan Ingelske sinnen. Trije moanne lyn kaam it bernetehûs, dêr’t Sarita no wennet, yn kontakt mei de basisskoalle fan Milan.

Sûnt dy tiid stjoere de bern út Nepal en Nederlân inoar berjochten. Se skriuwe oer fan alles, mar meastal giet it oer de ierdbeving fan twa jier lyn en oer de grientetún. Milan hat mei syn klas in aksje opset foar in nije grientetún foar it bernetehûs.

Sarita stjoert hiel grutsk de earste foto’s fan har eigen, noch hiele lytse mangobeam. In beam dy’t waakst om’t ien pit it ferskil meitsje kin!

